

Sjueryrapport Bernard Smildepriis 2020

Juny 2020

Foar de Bernard Smildepriis wiene der dit jier trettjin ynstjoerings. De sjuery besteande út Adri Terlouw, David de Jong en Syds Wiersma (deselde gearstalling as foarich jier) hat de ynstjoerings op 3 juny yn in fideogearkomste besprutsen. Ien byienkomst wie genôch om ta in einoardiel te kommen. It unanime adfys fan de sjuery is om yn 2020 gjin winner oan te wizen. Gjinn fan de ynstjoerde teksten hallet it nivo dat fereaske wurdt om de nammedrager fan de priis yn eare te hâlden. De sjuery stelt wol foar om trije ynstjoerings mei in earfolle fermelding te ûnderskieden.

Allerearst priizje wy alle dielnimmers dat se flyt dien hawwe op in eigen liettekst by it tema 'frede'. De moed en ynspiraasje hawwe om te besykjen orizjinaliteit, muzikaliteit en poëzy foarm te jaan yn sa'n breed omfiemjende tema – yn ús eagen te breed foar in priisfraach - fine wy eins al in earfolle fermelding wurdich. Spitigernôch is it mar in pear ynstjoerders slagge om it tema út te wurkjen ta in persoanlike tekst dy't de lêzer (en de úteinlike sjongers) reitsje kin. It tilt op fan it wurd 'frede' yn de ynstjoerde teksten, mar by fierút de measten ûntbrekt de persoanlike slinger oan it tema. De teksten ferrasse ús selden troch har ideeën, bylden, metafoaren, foarmen of perspektiven. Yn de inkelde gefallen dat poëzy, muzikaliteit en foarm wol op in slagge wize gearfalle, stroffelje wy oer guon strofen of fine wy de tekst as gehiel net foldwaande beslipe of foldroegen om de priis te fertsjinjen.

Earfolle fermeldings krije om ús de teksten 'Bea om Frede' (1), 'Bea om Frede' (2) en 'Frede'. Wy jouwe hjir in koart besprek fan dy trije lietteksten en de reden dat se neffens ús (krekt) net goed genôch binne foar de priis.

'Bea om Frede' (1) is in metrysk en rymjend gebed fan seis strofen. Yn de earste trije strofen freget de dichter har/himsels en de lêzer om frede ta te litten yn hert en wente, sadat dy frede fan hân ta hân gean kin en strielje oer de fjilden, mei gefolgen dat it hert sjongt boppe it ferstân, de libbenslêsten tild wurde kinne en der mei de fijân frij fûstke wurde mei. Yn de lêste trije strofen feroaret it perspektyf en rjochtet de bea him ta God: om de 'wrede' te ûntskuldigjen, de sûnders in wei te wizen en leafde en genede te skinken. As God de seine jout, mei tekens op ús paad, dan wurdt de wrâld in fredich paradys en kin ús 'ynlik leauwe' de moed fine om dy frede te dragen. De tekst hat in deeglike komposysje, it Frysk is yn oarder, it religieuze idee is konsistint útwurke en der sit muzikaliteit yn de tekst. Mar wy misse de persoanlike 'touch' en de ferrassing; de tekst folget in frijwat bekend teologysk stramyn. Boppedat stroffelje wy oer de earste beide rigels fan de fjirde strofe: de bea ta God om de wrede te ûntskuldigjen. Jo kinne bidde om de wrede ynsjoch te jaan, sadat er syn hâlden en dragen úteinlik feroaret, mar bidde om de wrede te ûntskuldigjen, dat woe der by ús net yn. Wredens en skuld binne yn ús skiednis te problematyske fenomenen om God tusken noas en lippen troch (yn ien dichtrigel) te freegjen te ûntskuldigjen.

De twadde 'Bea om Frede' is in gebed yn strikte sin. It hat in heldere, trijefâldige

struktuer en rjochtet him yn de trije strofen efterinoar ta de 'persoanen' fan de Trijelene: God de Skepper, Kristus de Fersoener en de 'Fûgel' Geast út Heit en Soan, dy't ús hert follet mei frede. Foar dizze tekst jildt eins itselde as foar de foargeande. Deeglike opset, goed fan taal en skreaun mei gefoel foar muzikaliteit; mar sûnder de persoanlike benadering en ferrassing dy't in winnende tekst neffens ús typearje moatte soe. Boppedat fljocht de dichter fan dizze 'Bea om Frede' folslein út 'e bocht as sy/hy yn de twadde strofe notearret: 'Meitsje ús fersoenlik troch Goedfreed en Peaskesnein.' Dêr stroffelet net inkeld de taal, de muzyk en de poëzy, mar wurde Goedfreed en Peaskesnein brûkt as kninen út 'e hege hoed fan de dichter dy't ús de ferlossing foartsjoent. In oare stroffelstien foarmje de rigels 5 en 6 fan de tredde strofe oer de Geast: 'Doch ûngerjochtheden / fier fuort troch jo genede.' Dêr hat de muze de dichter sitte litten; dat is typysk sa'n rigel dêr't fierder skave it biedwurd wêze moatten hie.

'Frede' is in moai liet oer hoe't de minsken it wûndere hôf fan Eden ferlearen en no op reis nei dy ferlerne frede binne. De mins swalket ûnwennich om, 'fan kwea en ûnrjocht jage': 'Wy moasten gean in bange tôch.' De earste trije strofen en it refrein rinne prima en as dy in nijsgjirrich ferfolch krigen hiene, hie dit ús winner west. Lykwols, de kwaliteit fan de tekst sacket yn de beide lêste strofen yninoar en de Fredefoarst komt yn de lêste strofe, mei offer en al en mei in kear yn ús lot as in deus ex machina út de dichterspinne tefoarskyn. Spitich. Dizze tekst hie in bettere ôfwurking fertsjinne.

No't de Bernard Smildepriis neffens ús wer net útrikt wurde kin, smite wy de fraach by Krúspunt op oft it net tiid wurdt om it format fan de priisfraach oan te passen. Wy konstatare net foar it earst dat de kwaliteit fan nochal wat ynstjoerings net al te bêst is en dat de ynstjoerders dy't wol mei teksten komme dêr't talint, taalmacht en potinsje út sprekt, eins ferlet hawwe fan in betûfte dichtershân om har te helpen harren tekst ta in écht slagge liettekst te meitsjen. Us útstel is dêrom dat de sjuery tenei in foarseleksje makket út de ynstjoeringen. De ynstjoerders dy't in liet mei potinsje skreaun hawwe wurdt de gelegenheid jûn om har liet ûnder begelieding fan in renomrearre Frysk dichter of lietskriuwer by te wurken ta in foldroegen ynstjoering. Faaks kin Tresoar dat organisearje en fasilitearje. De sjuery makket út de behoffene ynstjoerings in kar foar de Smilde Priis.

David de Jong
Adri Terlouw
Syds Wiersma